


Provinsje
Fryslân



Mei-inoar foar in leefbere provinsje

**Lokkich en sûn
libje yn Fryslân**

Septimber 2025

"Leefberens ûntstiet dêr't minsken
inoar moetsje, har heard en sjoen
fiele en mei-inoar stal jouwe oan
harren fermidden."



Foarwurd

Foar jo leit de nije beliedsbrief Leefberens: Lokkich en sûn libje yn Fryslân.

Leefberens is de basis fan ús lok: it giet om in noflik plak om te wenjen, foarsjennings dy't berikber binne, in sterke mienskip en in sûne omjouwing. It bepaalt oft minsken har thús fiele en mei fertrouwen foarút sjogge. Friezen wurdearje harren libben mei in 8 en hearre dêrmei ta de lokkichste ynwenners fan Nederlân. Dêr meie we grutsk op wêze - en dat freget ek soarch en oandacht om dit fêst te hâlden foar de takomst.

Want leefberens is gjin fanselssprekkendheid. Us provinsje fergrizet, it tal jongeren nimt ôf, foarsjenningen steane ûnder druk en ek de sosjale gearhing feroaret. We wolle derfoar soargje dat Fryslân in provinsje bliuwt dêr't elkenien him of har thús fielt en meidwaan kin, oftst no yn ien fan ús alve stêden of yn ien fan de 412 doarpen wennest. Dêrom sette wy yn op trije pylders: in sterke sosjale mienskip, in fitale en sûne mienskip en in gelike mienskip dêr't kânsen earlik yn ferdield wurde.

Yn Fryslân kenne wy de krêft fan frijwilligerswurk, fan it rike ferieningslibben en fan doarpshuzen en biblioteken as meetingsplak. Dêr bouwe wy op fierder. Wy ynvestearje yn de krêft fan mienskippen, yn it ferbetterjen fan de fitaliteit en sûnens, yn tagonklik ûnderwiis en foarsjennings, yn taalfeardigens en gelikense kânsen foar elkenien.

As provinsje binne wy grutsk op ús mienskip. Op hoe't Friezen foar inoar soargje, op de taal, de kultuer en de ferbûnens dy't ús sterk meitsje. Mar leefberens is net allinnich in ferantwurdlikheid fan de oerheid, mar in ferantwurdlikheid fan ús allegear. Mei dit beliedsbrief sette wy mei-inoar koers nei 2040: foar in leefber, gelokkich en sûn Fryslân, dêr't elkenien mei dwaan kin.

Sijbe Knol,
Deputearre Leefberens



Ynhâldsopjefte

Foarwurd	2	Taheakke 1 Weromsjen op it foarige beliedsbrief	24
		Fan befolkingsgroei nei demografyske balâns	24
		De fjouwer aksjeline	24
1 Dêrom dit beliedsbrief	4		
Fokus fan dit beliedsbrief	4		
2 Blick op 2040: trije fragen dy't ús útdaagje	6	Taheakke 2 Keppeling mei oare beliedsfjilden	27
		Provinsjale Omjouwingsfisy (POVI)	27
		Natuer	27
		Lânbou	27
		Wenje	27
		Mobiliteit	28
		Ekonomy	28
		Rekreaasje en toerisme/gastfrijheidsekonomy	28
		Sport en beweging	29
		Kultuer	29
		Fryske taal en meartaligens	29
		Erfgoed	29
		Enerzjy	29
		Einnoaten	30
		Kolofon	31
		Digitale tagonklikens disclaimer	31
3 Us ambysje foar in leefber Fryslân	8		
3.1 Dit Fryslân wolle wy wêze!	8		
3.2 Hoe't wy dêr komme: ús ambysje	8		
3.3 Dit Fryslân wolle wy wêze	9		
3.4. Trije pylders foar leefberensbelied	10		
4 Rollen en oanpak	11		
4.1 Fjouwer rollen	11		
4.2 Fiif liedende prinsipen	12		
4.3 Gearwurking	13		
5 Dit sille wy dwaan!	15		
5.1 Wy befoarderje wolwêzen en sosjale gearhing	15		
5.2 Wy ferbetterje fitaliteit en sûnens	17		
5.3 Wy meitsje meidwaan foar elkenien mooglik	18		
5.4 Wy ûntwikkelje en diele kennis	21		
6 Monitoaring en evaluaasje	22		
7 Oan 'e slach!	23		



Haadstik 1

Dêrom dit beliedsbrief

Friezen binne de lokkichste ynwenners fan Nederlân en dogge in soad frijwilligerswurk. Se jouwe de kwaliteit fan harren libben likernôch in acht. Dochs is der aksje nedich. De Fryske befolking fergrizet fluch en der wurde minder bern berne. Dat laat ta knyp punten op 'e arbeidsmerk en yn 'e soarch, en taast de sosjale gearhing fan de Fryske mienskip oan. Ek meitsje ynwenners harren soargen oer it lânskip, klimaat en ferlies fan bioferskaat. De leefberens stiet ûnder druk, en dêrmei ek it Fryske lok.'

Yn it bestjoersakkoart 2023-2027 *Oparbeidzje foar Fryslân* stiet dat de provinsje oan leefbere wiken, buerten en doarpen bydrage wol. Dit beliedsbrief jout ynfolling oan dy wichtige ambysje en beskriuwt hoe't de provinsje deroan bydrage kin de leefberens yn Fryslân te behâlden én fuort te sterkjen.

Fokus fan dit beliedsbrief

Leefberens giet oer yn hoe fier't it libbensfermidden oanslút by de winsken en it ferlet fan ynwenners. It is in breed en boppedat subjektyf begryp dat gearhinget mei ferskate fysike en sosjale faktoaren. Tink oan it wenfermidden, foarsjennings, feilichheid, it lânskip, sosjale gearhing, sûnens en wurkgelegenheid. Wat minsken wichtich fine ferskilt. Guon wolle rêst en romte, oaren krekt libbenens. Jongerein hat belang by goed ûnderwiis en ferfier, húshâldings sykje in feilich wenfermidden mei in skoalle, berne-opfang of boarterstún yn 'e buert,

âlderein achtet soarch tichteby fan belang, lykas in húsdokter of apoteek, oan goed ferfier en sosjaal kontakt. It ferlet ferskilt ek de regio of it gebiet. Dochs is it dúdlik: in leefber fermidden makket minsken sûner en lokkiger.

Leefberens is dus wiidfiemjend en rekket oan in soad beliedsfjilden. Mei regulier belied dogge wy al in protte oan it befoarderjen fan leefberens en mei dit beliedsbrief kinne wy dêr in plus op sette. Ut de posysje fan middenbestjoer wei leveret de provinsje in oanfolling op ynspannings fan gemeenten, dy't yn it foarste plak ferantwurdlik binne foar de measte leefberheidstema's. Yn dit beliedsbrief lizze wy de fokus op:

Sjoch folgjende bledside

- *It lanlike gebiet* – Fryslân is tinbefolke mei in soad lytse kearnen. Berikberens en behâld fan foarsjennings freegje hjir mear oandacht as yn de stêden. Dêrom rjochtsje wy ús op de leefberens yn it lanlik gebiet, dat dy net efterbliuwt by stedske ûntwikkelambysjes.
- *Trije tema's* – Wy kieze trije werkenbere leefberheidstema's dy't yn dit beliedsbrief in foaroanplak hawwe: de sosjale mienskip, de sûne mienskip en de gelike mienskip. Dy tema's wurde yn aksjes foarmjûn yn in útfieringsprogramma.
- *De net-romtlike kant fan leefberens* – Alderhanne romtlike ûntwikkelingen, lykas klimaatferoaring, wenningbou of enerzjytransysje, beynfloedzje de leefberens fansels ek. Dat jildt ek foar geopolitike saken, lykas ekstra oefenromte foar Definsje of de opfang fan flechtlingen. Konsekwinsjes fan dat soarte ûntwikkelingen nimme wy al mei yn de Provinsjale Omjouwingsfisy en steane dus net yn dit beliedsbrief.
- *Struktuerfersterking of saken dy't boppe it berik fan aparte gemeenten geane* – Wy ynvestearje allinne yn inisjativen dy't in bliuwend karakter hawwe en de leefberens duorsum fuortsterkje.

LÊSWIZER

Wy begjinne dit beliedsbrief mei trije útdaagjende fragen oer de takomst fan Fryslân (haadstik 2). Dêrnei litte wy sjen wat ús ambysje is foar in leefbere provinsje (haadstik 3). Yn haadstik 4 lizze wy út hokker rol de provinsje spylje kin, hoe't wy te wurk geane en mei wa't wy gearwurkje. Yn haadstik 5 wurkje wy ús ambysje út nei pylders mei konkrete aksjes. Ta beslút beskriuwe wy hoe't wy de fuortgong folgje sille (haadstik 6).





Haadstik 2

Blik op 2040: trije fragen dy't Fryslân útdaagje

Fryslân stiet foar grutte feroarings dy't it deistich libben fan ynwenners reitsje. Lykas sein komt ek it Fryske lok dêrtroch hieltyd mear ûnder druk te stean. Yn dit haadstik besjogge wy in tal fan dat soarte ûntwikkelingen en it effekt dêrfan op de leefberens.

Yn dit haadstik sjogge wy foarút nei 2040. Hoe't Fryslân der dan útsjocht, witte wy net. Wol dat de takomst gearhinget mei alderlei ûntwikkelingen yn ekonomy, arbeidsmerk, ûnderwiis, soarch en mobiliteit. Dêrnei sjogge wy nei demografyske trends dy't rjochting jouwe oan maatskiplike feroarings en it wolwêzen fan de Friezen beynfloedzje. Benammen trije fragen daagje ús Fryslân út:

1. **Hoe soargje wy dat Fryslân in maatskippij bliuwt, dêr't elkenien mei dwaan kin en him of har thús fielt, no't de befolking âlder, mingder en kwetsberder wurdt?**

Fryslân feroaret: fergrizing, ûntgriening en mear migraasje bepale it byld. Foaral it plattelân fernimt dat. Fryslân is al ien fan de meast fergrize provinsjes. Yn 2040 binne der 90.000 mear 65-plussers as yn 2010 - in stiging fan 83%. Dan is hast 30% fan de ynwenners âlder as 65 jier. It tal 85-plussers sil sels mear as ferdûbelje. Nei 2040 nimt dy groei

ôf, trochdat de babyboomgeneraasje ferdwynt. Tagelyk sakket it tal berten. Der binne no al 10.000 minder jonge minsken (0-24 jier) as tsien jier lyn. Dy fermindering wurdt foar in part troch binnenlânske en bûtenlânske migraasje opfongen. Wêr't tsien jier lyn it oantal ynwenners yn in soad doarpskearnen¹ sakke en sprake wie fan krimpbelied, sjocht it byld der no oars út. Ut de Fryske befolkingsproгноaze² docht bliken dat de befolking de kommende fyftjin jier yn fierwei it meastepart fan de Fryske gemeenten tanimme sil. Benammen yn de stedske kearnen sil it oantal ynwenners tanimme.

Om koart te kriemen, de befolking wurdt grizer, mingder en krekt wat grutter. Dat hat sûnder mis gefolgen foar de soarchfraach én de draachkrêft fan mienskippen. Ek lanlik groeit it omtinken foar dy feroarings. Yn syn rapport *Gematigde groei* advisearret de Staatscommissie Demografische Ontwikkelingen 2050 oer hoe dêrmei om te gean.³

2. Hoe behâlde wy de minsklike maat en de berikberens fan foarsjennings as skoallen, soarch en oerheid harren hieltyd fierder konsintrearje?

Demografyske feroarings binne it earste yn ûnderwiis en soarch te fermimmen, mar biede ek romte foar fernijing. Skoallen yn basis- en fuortset ûnderwiis sykje hieltyd faker gearwurking en nije foarmen om kwalitatyf goed ûnderwiis te bieden. Hoewol't sûnt 2012 sa'n 100 basisskoallen sletten binne, ûntsteane dêrtroch ek inisjativen om ûnderwiis tûker te organisearjen en nauwer te ferbinen mei de mienskip. Minder learlingen op de arbeidsmerk freget om kreativiteit yn it oplieden en it benutten fan talinten. Tagelyk groeit de soarchfraach troch fergrizing, wylst personiel krap is. Lanlik wurdt soarch hieltyd mear konsintrearre, dêr't it fan belang is om each te hâlden op de tagonklikens. Digitalisearring en sintralisaasje meitsje dat guon fysike foarsjennings ferdwine, mar jout dit ek romte om digitale feardichheden te fersterkjen en ynwenners – benammen âlderein – better te stypjen. Foar in plattelânspriovinsje as Fryslân – mei 412 doarpen en alve stêden – leit krekt de útdaging én kâns om de minsklike maat yn stân te hâlden en basisfoarsjennings op in fernijende wize tagonklik en tichtby te hâlden.

3. Hoe soargje wy ek yn 'e takomst foar inoar yn in maatskippij wêryn't minsken harren hieltyd mear yn harren eigen libbenswrâld weromlûke?

Demografyske trends beynfloedzje ek it sosjale libben. Minder bern, mear allinnichsteanden en digitalisearring fan de maatskippij soargje foar in groeiende yndividualisearring. Fryslân, noch hieltyd bekend om syn hechte mienskippen, kriget te meitsjen mei mear iensumheid en ôfnimmende sosjale gearhing. Minder minsken dogge yn harren buert mei, nimme diel oan aktiviteiten of helpe oaren. De jongerein is online mei de hiele wrâld ferbûn, mar fielt him faker iensum en hat stress. Tagelyk hawwe sy de taak om anst essinsjele beroppen fan fersoargjenden, monteurs, learkrêften, yngenieurs of dokters oer te nimmen, wylst de potinsjele beropsbefolking yn Fryslân oant 2040 ta mei sa'n 23.000 sakket⁴. Ek de Fryske wenopjefte feroaret: der komme mear, mar lytsere húshâldens. De fergrizing biedt kânsen foar frijwilligerswurk en it bewarjen fan tradysjes. De Fryske grutskens, taal en kultuer soargje noch altyd foar gearhing, mar nei 2040 binne der minder fitale âlderen om dy wearden troch te jaan en sa oan de Fryske identiteit by te dragen. De ûntwikkelingen op digitaal en technologysk mêd geane as de brân (sjoch ramt). De fraach is hoe't Friezen ferbining hâlde yn in feroarjende wrâld. Kinne wy noch nei inoar omsjen as de druk op de Fryske mienskip tanimt?

TECHNOLOGY FEROARET ÚS LIBBEN

Wa't yn 2010 foarútseach, hie de ynfloed fan technology no amper foarsizze kinnen. Yn fyftjin jier tiid binne digitale ynnovaasjes ûnmisber wurden. De snoadfoan (smartphone) is net mear fuort te tinken en docht tsjinst as beurs, sûnensmeter, wurkplak en sosjaal middel. Keunstmjittige yntelliginsje wurdt wilens yn ûnderwiis, soarch en tsjinstferliening brûkt. Ek it wurkjen is gâns feroare. Thúswurkje is troch koroana en digitaal ark mear akseptearre wurden. Nije technologyen lykas elektryske auto's, drones en personalisearre leare hawwe ús deistige libben, ús ekonomy en mobiliteit yngeand feroare. Foar Fryslân giet dat fierder as allinne in oanpassing yn it brûken fan technology. It betsjut ek feroaring fan libbensstyl, sosjale struktueren en mienskipsfoarming. Krekt op it snijflak fan technologyske en digitale faasje en sosjaal-maatskiplike feroaring ûntsteane útdagings én kânsen rjochting 2040.



Haadstik 3

Us ambysje foar in leefber Fryslân

Yn dit haadstik beskriuwe wy de strategyske rjochting fan de provinsje, lykas fêstlein yn it Bestjoersakkoart 2023-2027 *Oparbeidzje foar Fryslân*. Wy kieze foar in maatskippij dêr't it libben de muoite wurdich is mei in goede balâns tusken mins, milieu en ekonomy. Earst omskriuwe wy ús ambysje. Dêrnei formulearje wy wat der nedich is om dat te berikken en beskriuwe wy it Fryslân dat wy foar eagen hawwe.

3.1 Us ambysje

Us ambysje is dúdlik: it behâlden en fuortsterkjen fan de brede wolfeart yn Fryslân, dat minsken hjir ek yn de takomst noflik wenje, wurkje, leare en ûntspanne kinne yn in sûn fermidden. Dêrby wolle wy it Europeeske foarbyld wêze foar in plattelânsmienskip dy't belutsen en ferbûn is: Fryslân is in fitale Europeeske brede wolfeartsregio dêr't it goed libjen, wurkjen, wenjen en learen is.

3.2 Hoe komme wy dêr

Wy witte wêr't wy hinne wolle, mar hokker karren bringe ús dêr? Wêr kinne wy echt it ferskil meitsje foar in leefber Fryslân? It model fan brede wolfeart helpt om in skerpe ambysje te kiezen en dúdlike prioriteiten te stellen. Brede wolfeart draait om it wolwêzen fan minsken en besjocht alle faktoaren

dy't dat wolwêzen beynfloedzje. It giet dus net allinne om materiële wolfeart, mar ek om bygelyks sûnens, goed ûnderwiis, in noflik libbensfermidden, natuer, feilichheid, sosjale ferbûnens en kânsen om dysels te ûntwikkeljen.


Neffens de Regionale Monitor Brede Welvaart skoart Fryslân goed op wolwêzen, sûnens, wenje, feilichheid en milieu.¹ Mar op ynkomen en wurk skoart de provinsje leger. Yn Fryslân fertsjinje minsken yn trochsnee minder en binne der minder minsken teoretysk oplat. De ynkommensferskillen tusken earm en ryk binne lytser as yn oare provinsjes. Dat lit de Fryske paradoks sjen: minder ekonomyske wolfeart, mar wol relatyf in soad lok en tefredenheid. Ynwenners fan Fryslân bewize dat jild net perfoarst lokkich makket.

Friezen ûnderfine in hege kwaliteit fan libben. Se achtsje natuer, romte, taal en kultuer, it ferskaat oan lânskippen en it sterke mienskiipsgefoel fan grut belang. Frijwilligerswurk, sosjale gearhing en mei-inoar redsum wêze binne djip yn de Fryske mienskip ferankere. Dêrtroch skoart Fryslân heech op brede wolfeart. Dochs is it needsaaklik wach te wêzen: dat Friezen harren hjoed-de-dei sa lokkich en tefreden fiele, biedt gjin garânsjes foar de takomst. It Planbureau Fryslân warskôget dan ek dat demografyske en maatskiplike ûntwikkelingen de brede wolfeart bedrige.²

Strikend mei it ekonomyske beliedsbrieff *Tûk groei troch oparbeidzjen (2025–2030)* wolle wy ús plak yn de top trije fan Nederlânske provinsjes op it mêd fan brede wolfeart fêsthâlde en fierder ferbetterje. Op it stuit skoart Fryslân al op 20 fan de 41 yndikatoaren yn de top trije. Wy slute ús oan by de ambysje yn it ekonomysk beliedsbrieff om dat tal nei 25 yndikatoaren te ferheegjen.

Brede wolfeart freget om in goede balâns tusken ekonomy, romte en maatskippij. Yn dit beliedsbrieff rjochtsje wy ús foaral op it fuortsterkjen fan it sosjale kapitaal, wêrmei't wy oanfoljend binne op oar provinsjaal belied. Op grûn fan dat perspektyf kieze wy foar in yntegrale oanpak dy't de leefberens sterk hâldt.

Figuer 1 Model fan brede wolfeart



Omskriuwing fan it brede wolfeartstsjil

Op de ôfbylding is it brede wolfeartstsjil te sjen. Yn dit tsjil binne ûnderskate faktoaren opnommen dy't fan ynfloed binne op brede wolfeart, lykas bygelyks feiligens, wolwêzen en wenjen. De faktoaren binne ferdield oer in romtlike, ekonomyske en in sosjale kategory.

3.3 Dit Fryslân wolle wy wêze!

Wy wolle dat Fryslân in provinsje is dêr't minsken harren thús fiele. Yn in wrâld dy't hieltyd kompleksere wurdt, kieze wy bewust foar rêst, romte en omtinken foar inoar. Wy fine echt kontakt, feilichheid en lykweardichheid wichtich. Wêr't dat nedich is biede wy ekstra stipe. De minsklike maat bliuwt ús útgangspunt.

Fryslân bestiet út in hiel soad lytse doarpen en in beheind tal stêden. Dy lytsskalichheid makket ús hecht, mar ek kwetsber. Dêrom fersterkje wy de gearwurking tusken oerheden, bedriuwen, organisaasjes en ynwenners. Wy pleitsje foar maatwurk fan it Ryk en wy fersetse ús tsjin regels dy't net by de Fryske situaasje passe. Lanlike ynvestearrings moatte boppedat earlik ferdield wurde. Yn haadstik 4.3 lizze wy út hoe't en yn hokker gearwurkingsferbannen wy oan de opjeften wurkje.

Nettsjinsteande flugge feroarings hâlde wy fêst oan ús Fryske wearden: soargje foar inoar en grutsk wêze op ús provinsje. Dy wearden foarmje it fûnemint fan ús mienskip. Wy wolle dat Friezen harren ferbûn fiele en aktyf oan in sterke maatskippij bydrage.

Us kearnwearden binne: betrouber, gearwurkjend en belutsen. Wy wurkje transparant, binne in partner foar gemeenten en organisaasjes en sette ús mei oertsjûging yn foar in leefber Fryslân. Alle doarpen en alle regio's hawwe takomst as wy mei-inoar en op 'e tiid yn aksje komme.



"Fryslân is in fitale Europeeske brede wolfeartsregio dêr't it goed libjen, wenjen, wurkjen en learen is."

3.4 Trije pylders foar leefberensbelied

Wy wolle de leefberens dus sterk hâlde. Mar hoe dogge wy dat? Om ús oanpak goed te ûnderbouwen, hawwe wy ûndersyk dwaan litten nei de stân fan leefberens yn Fryslân.³

It ûndersyk lit sjen hoe't Fryslân derfoar stiet op tema's as wenje, foarsjennings, lânskip, sosjale gearhing en materiële wolfeart. Dêr docht út bliken dat Fryslân sterke punten hat, mar ek oandachtspunten dy't de leefberens beynfloedzje (sjoch ûndersteande side).

Stân fan de leefberens yn Fryslân

STERKTEN

- Hege tefredenheid mei it libben, wenning en wenfermidden
- In soad natuer, lânbou en wetter mei hege kwaliteit fan 'e omkriten
- Legere wenlêsten yn ferliking mei it lanlik gemiddelde
- Friezen binne relatyf sûn en bewege in soad
- Sterke Fryske identiteit en kultuer
- Relatyf gelike ynkommensferdieling en net folle problematyske skulden
- Hege frijwilligerspartisipaasje (>50%)
- Sterke ferieningskultuer (64% lid fan feriening)
- Grutte reeëns ta mantelsoarch

SWAKTEN

- Fergrizing en ûntgriening
- Grutte ôfstân ta foarsjennings en ôfnimmende berikberens
- Tanimmende mentale druk, iensumens en stress
- Leech oandiel heger oplate minsken: jonge talinten geane fuort
- Enerzjyearmoede troch lege wenningkwaliteit en hege enerzjykosten by lege ynkommens
- It tanimmen fan ûndermynjende kriminaliteit yn kwetsbere gebieten
- Beheinde ferfiersmooglikheden, benammen foar minsken sûnder auto
- Tanimmende druk op mantelsoargers
- Ferienings hawwe it dreech om nije leden te swyljen
- Soarchlik gebrûk fan middels ûnder jongerein (drugs, alkohol en smoke)
- Grienpluk-effekt: jongerein ferlit te ier skoalle foar wurk mei minder goede takomstkânsen

Boarne: Rapport KplusV, stân fan de leefberens, febrewaris 2025

Fryslân skoart goed op saken as it lânskip, lege wenlêsten en in sterke ferieningskultuer. Tagelyk soargje fergrizing, ôfstân ta foarsjennings en beheind ferfier foar útdagings.

Op basis fan dy sterkten en swakten steane yn it ûndersyksrapport fjouwer advizen opnommen. It giet om de folgjende advizen: set yn op it fuortsterkjen fan fitaliteit, it befoarderjen fan gelikensens, it behâlden en stimulearjen fan selsredsumens en, as fjirde, it fergrutsjen fan de oantreklikheid fan de omkriten.

Wy wurkje de earste trije advizen út yn trije tematiske pylders: de sosjale mienskip, de sûne mienskip en de gelike mienskip. Dy trije pylders slagge op gearhingjende tema's yn de sosjale 'taartpunt' fan de brede wolfeart dy't net al op oare plakken yn provinsjaal belied ûnderbrocht binne. It fjirde advys oer it libbensfermidden heart by romtlike oardering en falt dêrmei bûten dit beliedsbrief. Sels foegje wy noch in fjirde, stypjende pylder ta, dy't te krijen hat mei it ûntwikkeljen en dielen fan kennis oer leefberens.

Yn haadstik fiif wurkje wy dy fjouwer pylders fierder út yn konkrete aksjes en resultaten. Mar earst ferkenne wy hokker rol de provinsje spylje kin as it giet om leefberens, hoe't wy wurkje wolle en mei wa't wy gearwurkje.



Haadstik 4

Rollen en oanpak

Provinsjes binne ferantwurdlik foar in breed maskelyn oan beliedsterreinen dy't streekrjocht ynfloed hawwe op leefberens, lykas romtlike oardering, regionale berikberens, ekonomy, wenje en kultuer. Provinsjes binne benammen ferantwurdlik foar belied mei in romtlike komponint. Yn 'e mande mei gemeenten, oare oerheden en maatskiplike organisaasjes wurkje sy gear om in noflikke en sûne wenomjouwing te kreëarjen en te behâlden. Yn taheakke twa wurdt de keppeling tusken leefberens en tolve beliedsfjilden beskreaun dêr't de provinsje in wichtige rol hat.

Wy sjogge dat de kearntaken fan hjoed-de-dei ús net folslein by steat stelle om alle útdagings oan te pakken lykas dy yn haadstik trije beskreaun binne. Provinsjes kinne fanwege harren 'iepen húshâlding' sels beslute om harren dwaande te hâlden mei ûnderwerpen dy't net ta harren kearntaken hearre. Sa hat Fryslân him yn de ôfrûne jierren ynspand foar it behâld en it fuortsterkjen fan leefberens. Wy hawwe ynvestearre yn it begelieden fan maatskiplike projekten, ûnder oare fia Doarpswurk, Dorpsontwikkelingsmaatschappijen (DOM's) en it Iepen Mienskipsfûns (IMF). Ek yn de kommende jierren sil de provinsje him dêrfoar ynsette; mear as wy wetlik ferplichte binne. Wy dogge dat op grûn fan ferskate rollen en yn gearwurking mei gemeenten, it Ryk en oare partners.

4.1 Fjouwer rollen

De provinsje kin op ferskate manieren bydrage oan leefberens. Wichtich is dat ús ynset altyd oanfoljend is op wat gemeenten al dogge. Wy besjogge foar alle tema's en ûnderwerpen hokker rol it bêste past.

Dat hinget ôf fan wêr't ús tafoege wearde leit. Soms nimme wy ien rol op ús, soms ferskate tagelyk. Wy ûnderskiede de neikommende rollen:

Fasilitearjende rol: kennisûntwikkeling en -dieling

Wy sammelje en diele kennis oer demografy en oare ûntwikkelingen, dy't ynfloed hawwe op de leefberens. Sa kinne wy doelbewust en strategysk op feroarings antisipearje. Us kennis komt út data, ûndersyk én út 'e praktyk. It Planbureau Fryslân spilet dêr in sintrale rol yn mei ûndersyk nei en analyzen fan sosjaal-maatskiplike en romtlik-ekonomyske ûntwikkelingen en trends dy't oan brede wolfeart bydrage. Dy ynsichten helpe by it opstellen en evalúearjen fan belied. Wy diele dy kennis aktyf mei partners en ús netwurk. Tink oan befolgingsproгноazen dy't helpe om takomstich wen-, soarch- en ûnderwiisferlet yn byld te bringen. Troch kennissesjes en gearkomsten te organisearjen, fersterkje wy ús fasilitearjende rol. Dat freget oanhâldende ynvestearring yn ús netwurken yn 'e regio.

Ferbinende rol: gearwurkje en netwurkje

De provinsje kin partners byinoar bringe en gearwurking stimulearje. Troch netwurken te foarmjen, kinne wy yn 'e mande mei gemeenten, bedriuwen en maatskiplike organisaasjes oan opjeften oangeande leefberens wurkje. Wy binne al aktyf yn regionale gearwurkings, lykas de Regio Deals en it Nacionaal Programma Vitale Regio's. Dêrtroch witte wy wat der yn 'e regio spilet. As provinsje ferbine wy partijen om wichtige tema's hinne, lykas wenje, sport of ûnderwiis. Wy bringe gemeenten, kennisynstellings en oare organisaasjes byinoar en helpe om de gearwurking goed te organisearjen. Mei ús kennis drage wy ek oan regionale fisy's en gebietsagenda's by.

Agindearjende rol: omtinken freegje foar maatskiplike tema's

De provinsje kin omtinken freegje foar ûntwikkelingen dy't de leefberens yn Fryslân bedriigje. Net alles giet fansels goed. Dêrom sette wy ús kennis en netwurk yn om bewustwurding te fergrutsjen. Dat dogge wy fia publykskampanjes foar ynwenners en fia lobby rjochting oare oerheden. Sa freegje wy bygelyks omtinken foar lanlike regels dy't foar Fryslân min útpakke. Tink oan it behâld fan fitale opliedings yn Fryslân of de sprieding fan basisfoarsjennings yn it lanlik gebiet. It stypjen fan gemeentlike lobby fan it op 'en nij ferdielen fan it Gemeentefûns is in resint foarbyld. Doelfêste lobby op dat soarte tema's is sinfol.

Finansjeel stypjende rol: projekten, inisjativen en organisaasjes subsidiearje en stypje

De provinsje spilet ta beslút ek in wichtige rol as finansjele stiper. Wy stypje projekten en organisaasjes dy't oan de leefberens bydrage, bygelyks fia

subsydzjeregelingen. Dy stipe kin rjochte wêze op it ferbetterjen fan it libbensfermidden, it fuortsterkjen fan sosjale gearhing, de berikberens of it fierder ûntwikkeljen en/of takomstbestindiger meitsjen fan basisfoarsjennings. Foarbylden fan regelingen binne de Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen (DOM's), de húsdoktersregeling en it lepen Mienskiipsfûns (IMF). It IMF rint oant ein 2027. Wy evaluatearje fûnsen geregeldwei en passe se, wêr't dat nedich is, oan. De doelen en tema's út dit beliedsbrieffoarmje de basis foar it opsetten, oanpassen en beoardielen fan takomstige fûnsen, regelingen en subsidiearring fan maatskiplike organisaasjes.

4.2 Fiif liedende prinsipen

Wy wurkje op basis fan in tal dúdlike prinsipen dy't om sa te sizzen it fûnemint foarmje fan ús belied. Sy helpe ús by it meitsjen fan karren en jouwe rjochting oan karren, ôfwagings en ynvestearrings. Dit binne se:

Wy sette de minske sintraal

Yn ús leefberensbelied hat de minske it foaroanplak. It libbensfermidden moat útnûgje om der noflik te wenjen, inoar te moetsjen, te bewegen en dy goed te fielen. Dêrom rjochtsje wy ús op feilige, tagonklike en moaie plakken foar jong en âld. Belied en ynrjochting fan it libbensfermidden moatte begjinne mei de útgongspunten wat minsken nedich hawwe en nedich fine en net allinne op grûn fan romtlike of ekonomyske ôfwagings stal krije. In oanpak dy't op de minske rjochte is betsjut omtinken foar libbenskwaliteit, belibbing, de minsklike mjitte en romte foar kontakt en mei-inoar libje.



Wy ynvestearje yn duorsume fersterking

In leefbere provinsje freget om in stevich fûnemint. Wy wurkje dêrom oan in sterke fysike én sosjale ynrjochting fan Fryslân, mei each op de lange termyn. Leefberens draait net allinne om yngrepen yn 'e romte, mar ek om sterke mienskippen, tagonklike foarsjennings en fearkrêftige netwurken dy't mei feroarings meibewege kinne. Troch demografyske ûntwikkelingen komt de klam by foarsjennings mear op kwaliteit as op kwantiteit te lizzen. Mei minder wurkjende minsken kinne wy net alles behâlde. Dêrom is it nedich om gear te wurkjen om takomstbestindige, goed berikbere foarsjennings te bondeljen.

Wy stribje nei in lykwichtige geografyske sprieding fan ynset en ynvestearrings

Wy wolle ús ynset, middels en stipe earlik oer hiel Fryslân ferspriede. Alle regio's drage op eigen wize by oan de leefberens en fertsjinje passende stipe. Dêrby hâlde wy rekken mei ferskillen yn befolkingsgearstalling, ekonomy, berikberens, sosjale gearhing en foarsjennings. Leefberensfragen binne net oeral like driuwend of fan deselde aard. Dêrom kieze wy foar in op it gebiet rjochte oanpak mei maatwurk. Tagelyk soargje wy derfoar dat net ien regio bliuwend efterop rekket en dat oeral in basisnivo fan leefberens oerein bliuwt.

Wy ynvestearje yn de krêft fan mienskippen

Wy leauwe yn 'e krêft fan lokale mienskippen. Troch harren te stypjen by it organisearjen en útfieren fan eigen inisjativen, fersterkje wy harren eigenerskip en belutsenens. Fitale doarpen en wiken begjinne by minsken dy't harren foar harren libbensfermidden ynsette. Sy kenne harren fermidden it bêste en fiele harren dêrmei ferbûn. Troch op harren krêft te bouwen, helpe wy mienskippen om sels aktyf oan

harren takomst te wurkjen. Wy wurkje dêrby op basis fan betrouwen yn ynwenners en inisjatyfnimmers. Sa fersterkje wy striidbere en slachfeardige mienskippen.

Wy wurkje yntegraal mei oare beliedsfjilden

Leefberens is in breed en gearhingjend tema. It rekket oan in soad oare beliedsfjilden, lykas mobiliteit, wenje, kultuer en soarch. Yn dit beliedsbrief lizze wy de klam op trije tematyske pylders, mar leefberens spilet frijwol oeral in rol. Dêrom is it wichtich dat ek yn oare beliedsfjilden omtinken foar leefberens is. Wy soargje foar in goede oansluting en gearwurking mei dy domeinen. De wichtichste mienskiplike aspekten it beliedsfjild binne yn taheakke twa koart taljochte.

4.3 Gearwurking

Provinsjaal belied rekket faak sawol lanlike doelen as lokale útfiering. Dêrom is gearwurking mei oare oerheden, ûndernimmers, doarpsbelangen, maatskiplike organisaasjes en kennisynstellings essinsjeel. As middenbestjoer wurket de provinsje Fryslân yn alle rjochtings gear: mei it Ryk en Europa, mei gemeenten en mei partners yn 'e regio. Fryslân wol in foarbyldregio wêze dêr't sterke mienskippen foar brede wolfeart soargje.

Regionaal

Gemeenten binne it earste oansprekpunt foar leefberens. Dêrom makket de provinsje bewust karren yn syn rol: wy rjochtsje ús op oanfoljende ynset en posisjonearje ús útdruklik as middenbestjoer. Sa kinne wy yn de kommende jierren doelbewust bydrage oan it fuortsterkjen fan de leefberens yn Fryslân. Fryslân wurket yn fiif regio's oan mienskiplike opjeften, yn 'e mande

mei gemeenten, Wetterskip Fryslân, maatskiplike organisaasjes, ferienings en ynwenners. Dêr wurde ek Europeeske, lanlike en provinsjale programma's as Agenda Netwerk Noordoost-Fryslân (ANNO), it Iepen Mienskipsfûns (IMF), LEADER,¹ Nacionaal Programma Vitale Regio's (NPVR) en Regio Deals útfierd. Dy regionale oanpak befoarderet gearwurking, makket maatwurk mooglik en hâldt rekken mei de eigen identiteit, sterkten en swakten fan alle regio's.

Nasjonaal

De regio kriget hieltyd mear omtinken yn it nasjonale belied. Sûnt 2017 besteane de Regio Deals, dêr't it Ryk tydlik regio's mei stipet om mei-inoar oan brede wolfeart te wurkjen. Yn Fryslân binne wilens seis Regio Deals sletten, en dogge wy mei oan in Regio Deal Natuerynklusive Lânbou (2019). Yn maart 2023 ferskynde it rapport *Elke regio telt!*, wêryn't trije lanlike advysrieden² kritysk nei ryksbelied fan de ôfrûne desennia sjoen hawwe. Dat belied, basearre op effisjinsje en effektiviteit (new public governance), makrodoelmjittichheid en trickle down economics³ hat sterke regio's allinne mar sterker makke. Dêrtroch is brede wolfeart ûngelikens oer it lân ferdield rekke. It kabinet wol dat korrizjearje troch mear rekken te hâlden mei regionale ferskillen. Op basis fan *Elke regio telt!* sette wy ús yn foar earliker spulregels yn ryksbelied en fûnsen, ek foar Fryslân. Yn 2025 binne alve regio's selektarre foar it Nacionaal Programma Vitale Regio's (NPVR), dêrûnder Noard- en Súdeast-Fryslân. Dat programma ynvestearret yn de kommende tweintich jier doelbewust yn it sosjaal-ekonomysk fuortsterkjen fan dy gebieten. Sawol Regio Deals as it NPVR binne gearwurkings tusken Ryk, provinsje, gemeenten, Wetterskip Fryslân en maatskiplike partners. De oanpak giet boppe

oer bestjoerslagen hinne: elkenien wurket gear oan it maatskiplike fraachstik, ek foarby de eigen taken. Yn de provinsjale *Visie op Openbaar Bestuur* wurdt fierdersoan útwurking jûn oan regionale gearwurkingsferbannen en de ferhâlding fan Fryslân ta de regio.

Europeesk

Fryslân wurdt yn Europa as in fearkrêftige regio sjoen, benammen troch de wize wêrop't wy mei ynwenners oan maatskiplike opjeften gearwurkje. Dy gearwurking fan ûnderenop makket ús unyk. Fan 2023 oant 2027 is Fryslân lead partner yn it Interreg-projekt Governing Community Resilience (GoCoRe). Mei seis Europeeske regio's wikselje wy kennis út oer hoe't oerheden bottom-up inisjativen stypje kinne. It projekt komt út it IMF fuort. Dêrnjonken binne trije Fryske gebieten (Noardwest-, Súdeast- en Súdwest-Fryslân) foar dizze perioade as LEADER-gebieten oanwiisd. Dêr wurde plattelânsprojekten fia Lokale Aksje Groepen stipe op basis fan eigen ûntwikkelstrategies. Sûnt ein 2024 hat in lid fan ús kolleezje de rol fan rapporteur by it Kongres fan Lokale en Regionale Oerheden fan de Ried fan Europa. Ut dy rol wei kinne wy as provinsje advisearje oer it behâld fan publike foarsjennings op it plattelân en hoe't regio's duorsum en leefber bliuwe. Ta beslút is Fryslân belutsen by it Europeeske Rural Pact, dat stribbet nei sterke, ferbûne en takomstbestindige plattelânsgebieten yn 2040, behelle. Net ien plattelânsgebiet mei yn de Europeeske Uny efterbliuwe.

DOARPSKLUSTERS AS DEENSK FOARBYLD

Yn Denemarken wurkje doarpen yn tinbefolke regio's faak yn saneamde doarpsklusters gear. Dat binne groepen doarpen dy't foarsjennings as skoallen, soarch, winkels en rekreaasje mei-inoar organisearje. Dy oanpak fersterket de lokale ekonomy en it mienskiipsgefoel, wylst alle doarpen harren eigen identiteit hâlde. Gemeenten spylje dêr in aktive stypjende rol yn. Doarpsklusters biede in ynspirearjend foarbyld foar hoe't wy ek yn Fryslân op in fernijende wize oan leefberens wurkje kinne yn gebieten dêr't it tal ynwenners ôfnimt.





Haadstik 5

Dit sille wy dwaan!

Om de leefberens yn Fryslân fuort te sterkjen, wurkje wy de earder neamde fjouwer pylders út: trije tematyske en ien stypjende:

- Sosjale mienskip: wy befoarderje sosjale gearhing
- Sûne mienskip: wy ferbetterje fitaliteit en sûnens
- Gelike mienskip: wy meitsje meidwaan foar elkenien mooglik
- Kennisûntjouwing en kennisdieling

Foar alle pylders apart jouwe wy oan hokker rol ús as provinsje past en meitsje wy konkreet hokker resultaten oft wy helje wolle.

5.1 Wy befoarderje sosjale gearhing

Fryslân hat in sterk mienskipsgoed, droegen troch taal, kultuer en ferienings. Hast 64% fan de ynwenners is lid fan in feriening en 55% fan de Friezen docht frijwilligerswurk, dat is rom boppe it lanlike gemiddelde fan 49%. Dochs stiet dy gearhing ûnder druk. Yndividualisearring, fergrizing en minder jonge frijwilligers soargje foar kwetsberheid. Troch fúzjes en sintralisearring is de oerheid minder sichtber. Ek nimt de iensumheid ta, benammen ûnder âlderein en jongerein.

Moetingsplakken lykas doarpshuzen, multyfunksjonele sintra en biblioteken wurde dêrtroch hieltyd wichtiger. Doarpshuzen en multyfunksjonele sintra steane ûnder druk om't it gebrûk efterút giet, de kosten omheech geane en troch de easken foar duorsumens. Ferbreiding fan harren funksje is faak nedich om se yn stân te hâlden. De provinsje wol de sosjale gearhing yn doarpen en wiken fuortsterkje troch lokale organisaasjekrêft te stypjen, sosjale netwurken fuort te sterkjen en yn sosjale ynfrastruktuer te ynvestearjen.

Binnen dizze pylder rjochtsje wy ús op de neikommende aksjes:

Wy fersterkje frijwilligerswurk

Dit dogge wy!	Aktyf meidwaan oan it mienskipslibben is wichtich foar in sterke en lokkige maatskippij. Yn Fryslân binne in soad minsken aktyf as frijwilliger. Dochs giet it tal frijwilligers stadich efterút. De provinsje wol frijwilligerswurk sa oantreklik mooglik meitsje. Dat dogge wy troch regels ienfâldich en tagonklik te meitsjen én ús wurdearring foar frijwilligers dúdlik blike te litten.
Rollen:	Benammen fasilitearjend en agindearjend.
Resultaat:	It oandiel minsken dat frijwilligerswurk docht, bliuwt heger as op oare plakken yn Nederlân.

OERROCK: DE KRÊFT FAN FRIJWILLIGERS

It Oerrock-festival yn Oerterp lit sjen hoe wichtich oft frijwilligers yn Fryslân binne. Alle jierren helpe goed 1.000 frijwilligers mei om it festival mooglik en betelber te meitsjen – en dat sûnder subsydzje. Harren ynset besparret de organisaasje, sa wurdt rûsd, ien miljoen euro oan arbeidskosten. Fan opbou oant technyk: hast alles bart lokaal en frijwillich. Oerrock lûkt sa’n 50.000 besikers en groeit alle jierren fierder. Dit foarbyld lit sjen hoe’t mienskipssin, grutskens en frijwillige ynset byinoar komme yn in suksesfol Frysk evenemint dat generaasjes ferbynt.¹



Wy drage by oan ferieningslibben mei takomst

Dit dogge wy:	Fryslân hat in ryk ferieningslibben dat soarget foar ienriedigens yn doarpen en wiken. Mar it tal leden fan ferienings sakket. De provinsje fynt it wichtich dat de ferieningsstruktuer sterk bliuwt. Wy stypje aktiviteiten dy’t it sosjale weefsel yn doarpskearnen te’n goede komme. Sa kinne ferienings goed funksjonearje en harren wearde foar de mienskip behâlde.
Rollen:	Benammen fasilitearjend en ferbinend.
Resultaat:	It ferieningslibben yn Fryslân is takomstbestindich.

Wy behâlde en ferduorsumje meetingsplakken yn doarpen en wiken

Dit dogge wy:	Doarpshuzen, wykgebouwen, sportlokaasjes en biblioteken binne wichtige plakken dêr’t ynwenners inoar moetsje. Se binne leechdrompelig, ferbine ûnderskate groepen en foarmje de basis foar in soad ferienings en frijwilligers-inisjativen. Fryslân hat in fynmeskich netwurk fan sokke plakken. In soad gebouwen binne wilens duorsum makke. Wy geane troch mei dat te stimulearjen. Ek sjogge wy hieltyd faker funksjeferbreding, lykas in doarpshûs dat it tsjinst docht as skoalle of berne-opfang. As provinsje stypje wy dy ûntwikkelingen, omdat se bydrage oan it behâld fan foarsjennings yn it lanlik gebiet.
Rollen:	Benammen fasilitearjend en finansjeel stypjend..
Resultaat:	• Alle doarpskearnen yn Fryslân hawwe in meetingsplak • Basisfoarsjennings wurde bondele en dield mei meardere kearnen

Wy stypje Fryske eveneminten en festivals

Dit dogge wy:	Fryslân hat in soad eveneminten. Fan lanlike eveneminten lykas de Snitswike, de Harnzer Fiskerijdagen en it Oerol Festival oant sporteveneminten, lokaasjeäter, muzykfestivals en doarpsfeesten. Se lûke alle jierren hûnderttûzenen besikers en binne fan grutte wearde foar kultuer, ekonomy, mienskipsgoed én toerisme. Eveneminten fersterkje it Fryske lok, mar organisatoaren rinne faak tsjin alderhanne regels en prosedueres oan. In soad minsken hawwe it gefoel dat de regeljouwing stranger wurden is, mar de regels binne net echt oanskerpe. Yn de fernijde Omjouwingsferoarding is krekt better rekken hâlden mei eveneminten yn stiltegebieten, en it is no dúdliker wat organisaasjes ferwachtsje kinne. Wol fjochtsje omwenners fergunnings faak oan, benammen as se tichteby natuergebieten hâlden wurde. De provinsje is ferantwurdlik foar de hifking fan eveneminten oan de natuerbeskermingsregels fan de Omgevingswet. Yn 2024 is in wykliks evenemintesprekoere útein set om knyp punten yntiids te besprekken en oplossings te finen. Dêrnjonken stypje wy eveneminten fia belied op sport,
---------------	---

	kultuer en leefberens. Yn 'e mande mei Friesland Convention Partners, ûnderdiel fan Merk Fryslân, sette wy ek yn op saaklike eveneminten dy't by it Fryske ekonomyske profyl passe. Fierder kinne organisatoaren mei de ov-konsesjehâlder yn petear oer bettere berikberens fan harren evenemint mei it iepenbier ferfier. Sûnt 2025 wurkje provinsje en gemeenten fia in wurkgroep en mei in bestjoerlike oerlisstruktuer oan in mienskiplike oanpak foar ien oerheid, dúdlike stipe, minder drompels en in takomstbestindige evenemintesektor; mei respekt foar elk syn rol en foech. ²
Rollen:	Benammen in fasilitearjende rol.
Resultaat:	Fryslân hat in koördinearre stipe foar eveneminten.

We wurkje yn it stipenetwurk mienskipsinisjativen gear

Dit dogge wy:	Foar de stipe fan maatskiplike inisjativen sette wy yn op in stipenetwurk mienskipsinisjativen. De gearwurking mei Sport Fryslân, Doarpswurk, Keunstwurk en gemeenten biedt in mienskiplik stipe-oanbod en in digitaal loket foar inisjatyfnimmers. It netwurk is bedoeld om maatskiplike inisjativen better te stypjen en te betsjinjen. Om dizze stipe biede te kinnen hat it stipenetwurk trije pylders: • Foar elke regio is in kearnteam aktyf dêr't partners yn gearwurkje kinne. • Yn it netwurk wurdt in mienskiplik oanbod op provinsjaal nivo gearstald. • Wy ûntwikkelje in online platfoarm mei de namme 'stipe'. It stipenetwurk is as pilot op de Waadeilannen en yn Súdwest-Fryslân úteinset. De kommende stap is dat it netwurk no provinsjebreed ferspraat wurdt en dat de gearwurking tusken de partijen yntinsivearre wurdt. It stipenetwurk is net in aparte organisaasje, mar in gearwurking om maatskiplike inisjativen út de mienskip better en effisjinter te helpen. Dat slút oan by de ambysje út it Bestjoersakkoart. It is in netwurkgearwurking tusken ûnderskate organisaasjes om in mienskiplik doel te realisearjen: in sterk stipenetwurk om de maatskippij sa goed as mooglik te stypjen.
Rollen:	Benammen ferbinend en finansjeel stypjend.
Resultaat:	Der stiet in provinsjebreed stipenetwurk mienskipsinisjativen.

5.2 Wy ferbetterje fitaliteit en sûnens

In leefber fermidden draacht by oan sûnens en sûne minsken soargje fan harren kant foar in sterke mienskip. It tinken oer soarch en sykte, oer in sûne mienskip, is yn de ôfrûne tiid feroare. Soarch waard sjoen as de ôfwêzichheid fan sykte. Dat tinken is wilens feroare. Ek as provinsje kieze wy foar in brede gearhingjende fisy op sûnens, strikend mei it gehiel fan ideeën oer positive sûnens. Dêrby giet it net allinne om sykte, mar ek om libbensstyl, fermidden, meidwaan en wolwêzen.

Dit dogge wy:	Wy kieze útdruklik foar in beliedskoers dêr't sûnens net as lossteand tema yn behannele wurdt, mar as in gearhingjend fraachstik dat oan hast alle provinsjale kearntaken rekket. Dy oanpak slút oan by it ynternasjonale prinsipe fan 'health in all policies'. Om in yntegrale oanpak fuort te sterkjen, rjochtsje wy in provinsjetafel 'Sûnens oer de hiele breedte' op.³ Dêr ferbine wy oerheden, soarchorganisaasjes en maatskiplike partners. De tafel hat trije doelen: • Kennis diele: ûnderfinings en ynsichten mei-inoar útwikselje; • Yntegraal tinke: beliedskarren yn gearhing besjen; • Netwurk fuortsterkje: partijen mei inoar yn kontakt bringe. Wy slute dêrby oan op it Regiobyld Fryslân út it Fryske Soarchakkoart (FrIZA), dêr't Fryske gemeenten, De Friesland/Zilveren Kruis en sûnenspartijen - as ferantwurdlike partijen - yn gearwurkje oan takomstbestindige soarch. Yn it FrIZa wurde de grutte sûnensútdagings dêr't Fryslân foar stiet ûnder hannen nommen: dûbele fergrizing, minder soarchprofessionals en mantelsoargers, in tanimmende soarchfraach, mear oergewicht⁴ en mentale klachten. It tal sûne libbensjierren sakket, en stress en iensumens nimme ta. Wichtige tema's binne ûnder oare sûn opgroeie, mentale sûnens, âldereinsoarch, húsdokters, digitalisearring en partisipaasje. Fryslân ken grutte regionale ferskillen yn tagong ta soarch, benammen yn Noard-Fryslân. Dêrom wolle wy fia it programma <i>Elke Regio telt!</i> pleitsje foar in lykwichtiger ferdieling fan foarsjennings, mei maatwurk foar ús provinsje.
Rollen:	Benammen ferbinend en agindearjend.
Resultaat:	• Friezen ûnderfine in hegere kwaliteit fan libjen. • Wy wage sûnens struktureel yn alle beliedskarren mei ('sûnens oer de hiele breedte').

5.3 We meitsje meidwaan foar elkenien mooglik

Fryslân hat in relatyf gelikense ynkommensferdieling en in sterke middenklasse. De ferskillen tusken earm en ryk binne yn Fryslân lytser as yn de rest fan Nederlân. Dochs nimme de ferskillen yn tagong ta ûnderwiis, wurk en foarsjennings ta. Yn gebieten dêr't de befolking ôfnimt, slute basisskoallen en wurdt de ôfstân ta foarsjennings, lykas supermerken en iepenbier ferfier, grutter. Dat rekket benammen de âlderein en minsken sûnder eigen ferfier.

Neffens de *Atlas van Afgehaakt Nederland* fiele in soad minsken yn lanlike gebieten harren net heard of fertsjintwurdige.⁵ Opliedingsnivo, ynkommen en sûnens spylje dêr in rol by. Dat laat wer ta minder betrouwen yn de polityk en legere opkomst by ferkiezings. Tagelyk groeit it persoanienstekoart, benammen yn 'e soarch en it ûnderwiis. Jongerein kriget minder kânsen as dy muoite hat mei taal of te ier ophâldt mei skoalle. In foldwaande taalfeardichheid is wichtich om meidwaan te kinnen yn de (digitalisearjende) maatskippij.

De provinsje Fryslân set dêrom yn op mear gelikensens yn kânsen, in libben lang leare en bettere berikberens fan foarsjennings, sadat alle ynwenners folweardich meidwaan kinne yn de mienskip.

Binnen dizze pylder rjochtsje wy ús op de neikommende aksjes:

Wy behâlde in tagonklik en takomstbestindich ûnderwiisoanbod

Dit dogge wy:	Underwiis is essinsjeel foar gelike kânsen en in goed begjin yn it libben. In sterk oanbod dat oanslút op de regionale arbeidsmerk fersterket de leefberens. Yn tinner befolke gebieten, lykas Fryslân, stiet dat ûnder druk troch it sakjen fan it tal learlingen, persoanienstekoart en finansieringsproblemen. Basisskoallen ferlieze learlingen troch in leech bertesifer, wêrtroch't ek it fuortset en heger ûnderwiis ûnder druk komt te stean. Oant 2030 sakket it tal mbû- en hbû-studinten mei respektivelik 3% en 10%.⁶ Ek de ynstream fan ynternasjonale studinten nimt ôf troch de Wet Internationalisering in Balans. Foar Fryske hegeskoallen en Campus Fryslân is dat soarchlik, omdat sy sterk ôfhinklik fan dy studinten binne om opliedings rendabel te hâlden. De takomst fan unike opliedings, lykas Global Responsibility & Leadership⁷, komt dêrtroch yn gefaar. As in oanbod ôfnimt dan beheint dat de karfrijheid fan studinten. Boppedat streame der te min nije leararen yn om it tanimmende tekoart op te fangen. Dat tekoart oan ûnderwiispersoanel mei foech behinderet de ûntwikkeling fan bern en jongerein en rekket úteinlik de hiele maatskippij. Regionale opliedings ferdwine faak as earste. Benammen soarch- en ûnderwiisopliedings rinne risiko, omdat studinten minder ree binne om dêrfoar te reizgjen. It is krúsjaal dat opliedings oanslute op de regionale arbeidsmerk. Yn it <i>Underwiisakkoart Fryslân</i> wurkje ûnderwiis, oerheid en bedriuwslibben dêr mei-inoar oan, mei fokus op it bêste learfermidden, linige professionals en sirkulariteit. Hoewol't mear jonge minsken kieze foar hbû of universiteit, bliuwt it mbû fan grut belang. De Fryske ekonomy draait op fakminskens út it mbû dy't soargje foar bou, soarch en technyk. Mbû'ers wenje boppegemiddeld faak yn Fryslân en fine wurk op de Fryske arbeidsmerk.⁸ Dêrom koesterje wy ús mbû-ynstellings. Goed ûnderwiis makket in regio oantreklik en leefber. De provinsje Fryslân giet troch mei dat lanlik yn omtinken te bringen en pleitet foar maatwurk yn bekostiging, passend by de útdagings fan tinner befolke gebieten. Yn Fryslân is njonken it Nederlânsk ek in soad omtinken foar de Fryske taal en kultuer. Fia it <i>Taalplan Frysk 2030</i> wurket de provinsje yn 'e mande mei ûnderwiis- en taalpartners oan in sterke posysje fan it Frysk yn de hiele ûnderwiisstring - fan pjut oant promovendus. Benammen op basisskoallen yn lytse doarpen wurdt it Frysk aktyf brûkt. Krekt dy skoallen rinne lykwols foarop as it giet om it sluten troch it sakjen fan it tal learlingen. Dat set net allinne de leefberens ûnder druk, mar ek it Fryske taalûnderwiis.
Rollen:	Benammen in agindearjende rol.
Resultaat:	In sterk en tagonklik ûnderwiisoanbod is behâlden sadat wy kennis en jongerein ek yn 'e takomst oan de provinsje bine kinne.



Wy ferbetterje de berikberens en tagonklikens fan basisfoarsjennings

Dit dogge wy:	It ferdwinen fan lokale foarsjennings lykas de buertsupermerk of de doarpsskoalle, hat faak grutte ympakt op de leefberens. Yn it bestjoersakkoart stiet dat ferbettering nedich is. Foarsjennings dy't ienris ferdwûn binne, komme faak net werom. Wy sette dêrom yn op it bondeljen fan foarsjennings en gearwurking tusken doarpen. Dat fergruttet foar guon minsken de ôfstân. It is fan belang dat al ús ynwenners gebrûk meitsje kinne fan basisfoarsjennings. Dêrom wurkje wy oan goede berikberens fia iepenbier ferfier en oare oplossings foar mobiliteit. Us útgangspunt dêrby is dat ynwenners alle basisfoarsjennings yn in reistiid fan 30 minuten berikke kinne.
Rollen:	Benammen in útfierende en finansjeel stypjende rol.
Resultaat:	Wy binne in 30-minutemienskip dêr't alle basisfoarsjennings yn in heal oere te berikken binne.

Wy fergrutsje de taalfeardichheid en helpen minsken dy't muoite hawwe mei it lêzen en skriuwen

Dit dogge wy:	Goede taalfeardichheid is wichtich om mei te dwaan yn 'e maatskippij. Yn Fryslân is dat ekstra wichtich troch de meartaligens. Minsken dy't muoite hawwe mei lêze en skriuwe rinne risiko op útsluting fan foarsjennings, wurk, tagong ta demokratyske prosessen en sosjale aktiviteiten. Fryslân heart by de trije provinsjes mei it heechste persintaazje ynwenners dat muoite hat mei it lêzen en skriuwen. Dat hat ynfloed op gelikensens yn kânsen, leefberens en brede wolfeart. De provinsje hat wetlike taken op it mêd fan bibliotekwurk en stipet fia stipe-organisaasje Fers taalprojekten, netwurken en kennisdieling. Op basis fan in inisjatyfútstel fan Provinsjale Steaten wurket de provinsje yn de kommende jierren aktyf oan in oanpak om taalfeardichheid te befoarderjen.
Rollen:	Benammen in ferbinende en finansjeel stypjende rol.
Resultaat:	De taalfeardichheid yn Fryslân is tanommen en Fryslân heart net mear by de trije provinsjes mei it heechste persintaazje ynwenners dat muoite hat mei it lêzen en skriuwen.

BIBLIOTEEKEN FERSTERKJE LEEFBERENS EN ûNTWIKKELING

Friezen bringe alle jierren twa miljoen besiten oan in bibliotek. Biblioteken binne iepen foar jong en âld en biede tagong ta lêze, leare en moetsje. Sa drage sy by oan leefberens en sosjale ferbining yn doarpen en stêden. De provinsje stipet it biblioteknetwurk op it mêd fan kennis, ynnovaasje en organisaasje, lykas fêstlein yn de Wet stelsel openbare bibliotheekvoorzieningen (Wsob). It Ryk wol dat alle ynwenners tagong hawwe ta in bibliotek yn 'e buert. Gemeenten krije dêr jild én in soarchplicht foar. De provinsje hat dêrby in formele tafersjochrol.



Wy soargje dat elkenien meidwaan kin

Dit dogge wy:	Fryslân is in iepen en gastfrije provinsje dêr't elkenien wolkom is. Wy steane foar gelikensens en gelike behanneling, wat ek de ôfkomst, hûdskleur, religy, aard of oertsjûging is. Wy befoarderje dat, troch it prinsipe dat elkenien meidwaan kinne moat en him lykweardich fielt yn alle beliedsdomeinen mei te nimmen, sa't wy dat ek dien hawwe yn it beliedsbrief sport 2025-2028 <i>Fryslân yn beweging</i> . It bestriden fan diskriminaasje is in wetlike rol fan gemeenten, op basis fan de wet Gemeentelijke Anti-discriminatie Voorzieningen.
Rollen:	Benammen in ferbinende en útfierende rol.
Resultaat:	Op alle beliedsmêden is omtinken foar it befoarderjen fan lykweardichheid.

Wy stypje it fieren en betinken fan frijheid

Dit dogge wy:	Fryslân hechtet wearde oan it betinken fan oarlochsslachtoffers en it fieren fan de befrijing. Dy mominten fersterkje it besef fan frijheid, frede en demokrasy en ferbine minsken fan ferskate âldens en eftergrûn. Sy drage by oan in mienskip dêr't elkenien him yn sjoen en belutsen fielt. Frijheid en eigensinnigens binne kearnwearden yn Fryslân. Betinke en fiere, ûnder oare op betinkingsdei en de Fryske en lanlike Befrijingsdei, meitsje dy wearden sichtber en fielber. De provinsje stipet it Befrijingsfestival alle jierren. Yn de lustrumjierren is der ekstra omtinken fan betinking en befrijing. De provinsje is ree en leverje yn dy lustrumjierren in oanfoljende bydrage.
Rollen:	Benammen in finansjeel stypjende rol.
Resultaat:	Wy geane troch mei it stypjen fan it Befrijingsfestival. Yn de lustrumjierren drage wy ekstra by oan fiering en betinking fan frijheid.



5.4 Wy ûntwikkelje en diele kennis

As middenbestjoer hat de provinsje in soad mearwearde yn it byinoar bringen fan partijen en it garjen en dielen fan kennis. Dizze fjirde pylder stipet de aktiviteiten yn de trije hjirboppe beskreaune tematyske pylders. Yn dizze pylder rjochtsje wy ús op de neikommende aksjes:

Wy dogge ûndersyk en diele kennis

Dit dogge wy:	It Planbureau Fryslân en de provinsjale prognoazen binne wichtige kennisboarnen. Wy sille dy ek yn de kommende jierren brûke. It Planbureau hat syn rol fersterke troch ferdjipjend ûndersyk te dwaan en aktyf oan it maatskiplik debat diel te nimmen. De provinsjale demografyske prognoazen wurde no alle jierren opsteld yn stee fan ienris yn 'e trije jier. Se wurde hieltyd faker brûkt as basis foar belied, ûnder oare troch gemeenten, pensjoen-fûnsen en fersekeringsmaatskippijen, de ûnderwiissektor en mobiliteitstsjinsten. Wy wurkje oan in eigen ûndersyksaginda om better op takomstige ûntwikkelingen taret te wêzen. Dy kriget stal yn de twajierlikse programma's, bygelyks fia ûndersyk nei leefberens en fitaliteit yn doarpen, it nivo fan foarsjennings en de wurking fan hjoeddeistige beliedsynstruminten. Ek organisearje wy kennissesjes foar ferskate doelgroepen om kennis te dielen en it petear te fieren.
Rollen:	Benammen in ferbinende en fasilitearjende rol.
Resultaat:	De kennis oer ûntwikkelingen op it mêd fan leefberens is fergrutte en wurdt aktyf dield.

Wy rjochtsje in netwurk foar leefberens op

Dit dogge wy:	De útdagings op it mêd fan leefberens binne te grut om as provinsje allinne op te lossen. Dêrom bouwe wy oan sterke netwurken troch besteande kontakten te ûnderhâlden en partijen oangeande mienskiplike opjeften byinoar te bringen. Sa wolle wy in netwurk foar leefberens oprjochtsje om mei oare oerheden en maatskiplike partijen oan fraachstikken oer leefberens gear te wurkjen. Mei in jierlikse gearkomste of symposium bouwe wy dit netwurk de kommende jierren út.
Rollen:	Benammen in ferbinende rol.
Resultaat:	Oan in netwurk foar leefberens is foarm jûn.

AKSJES EN RESULTATEN YN IEN EACHOPSLACH

Pylder	Aksje	Rol	Resultaat
1. Sosjale gearhing	Frijwilligerswurk fuortsterkje	Fasilitearjend, agindearjend	Mear frijwilligers as lanlik gemiddelde
	Ferieningslibben stypje	Fasilitearjend, ferbinend	Takomstbestindich ferieningslibben
	Moetingsplakken behâlde	Fasilitearjend, finansjeel stypjend	Alle doarpskearnen hawwe in sosjaal meetingsplak
	Eveneminten en festivals stypje	Fasilitearjend	Koördinearre stipe foar eveneminten
2. Sûne mienskip	Mienskiptsnetwurk fierder ferspriede	Ferbinend, finansjeel stypjend	Netwurk provinsjebreed beskikber
	Fitaliteit en sûnens ferbetterje	Ferbinend, agindearjend	Mear sûne libbensjierren, sûnens meiwoegen yn belied
3. Gelikense mienskip	Underwiisoanbod behâlde	Agindearjend	Sterk, tagonklik ûnderwiisoanbod
	Berikberheid foarsjennings ferbetterje	Utfierend, finansjeel stypjend	Basisfoarsjennings yn 30 minuten berikber
	Frijheid betinke en fiere	Finansjeel stypjend	Strukturele stipe oan Befrijingsfestival
	Taalfeardichheid fergrutsje	Ferbinend, finansjeel stypjend	Ferbettere taalfeardichheid foar elkenien.
	Elkenien meidwaan litte	Utfierend, ferbinend	Lykweardichheid yn alle beliedsfjilden
4. Kennis ûntwikkelje en diele	Undersyk en kennisdieling	Ferbinend, fasilitearjend	Mear en dielde kennis oer leefberens
	Netwurk foar leefberens oprjochtsje	Ferbinend	Netwurk is oprjochte



Haadstik 6

Monitoaring en evaluaasje

Foar it monitoarjen fan de leefberens yn Fryslân brûke wy ûnderskate databoarnen. De wichtichste is de monitor Leefberens yn Fryslân fan Planbureau Fryslân. Dy lit ûnder oare sjen hoe't ynwenners harren libben, wenning en fermidden ûnderfine, oft hja ree binne om te ferhúzjen en hokker foarsjennings oft hja wichtich fine.

Dêrnjonken brûke wy de Regionale Monitor Brede Welvaart fan it Centraal Bureau voor de Statistiek (CBS) foar ekstra ynsjoch yn maatskiplike en ekonomyske ûntwikkelingen dy't de brede wolfeart op regionaal nivo beynfloedzje. Ek de GGD-ynformaasje oer de sûnens fan de Fryske befolking foarmje in wichtige graadmjitter foar leefberens.

As besteande data net genôch ynsjoch jouwe, litte wy oanfoljend ûndersyk útfiere. Sa soargje wy dat wy belied basearje op aktuele en betroubere ynformaasje en doelfêst oan in leefber Fryslân wurkje kinne.

Oan 'e slach!

Dit beliedsbrief markearret ús ambysje én ús útgongspunt: hjirmei jouwe wy rjochting oan wat wy mei-inoar berikke wolle. Yn in útfieringsprogramma bringe wy dy koers yn 'e praktyk, mei konkrete aksjes en in dúdlike ynset fan middels. It programma hat in rintiid fan twa jier oant de ein fan de kolleezjeperioade. It programma kin alle jierren of ienris yn 'e twa jier aktualisearre wurde en biedt romte oan nije aksinten en ideeën fan takomstige kolleezjes.

Wy leauwe yn 'e krêft fan gearwurking en nûgje elkenien út om mei te dwaan. Want in leefber Fryslân meitsje wy net allinne, dat dogge wy mei-inoar, mei ynwenners, gemeenten, organisaasjes en partners yn 'e regio. Alle bydragen telle. Litte wy mei-inoar bouwe oan in provinsje dêr't it goed wenjen, wurkjen, soargjen, learen en libjen is.



Weromsjen op it foarige beliedsbrief

De provinsje Fryslân hat him yn de ôfrûne beliedsperioade aktyf ynset om de leefberens yn doarpen en wiken fuort te sterkjen. Doel wie dat ynwenners harren libben yn Fryslân mei in 8 wurdearje. De fokus lei op fjouwer punten: stipe foar lokale inisjativen, behâld fan leefberens, takomstbestindige foarsjennings en genôch passende wenten.

Fan befolkingsdelgong nei demografyske balâns

It omtinken ferskode fan befolkingsdelgong nei it stal jaan oan in lykwichtich libbensfermidden, mei each foar fergrizing, ûntgriening en migraasje. Gemeenten steane it tichtst by de ynwenners en stelle it lokale belied fêst. De provinsje ferfolle dêrby hieltyd mear in stypjende en ferbinende rol, en sette op fjouwer aksjeline yn.

De fjouwer aksjeline

1. Kennisdieling

Der binne in soad gearkomsten, masterclasses en ûndersiken organisearre.¹ Yn 'e mande mei de noardlike provinsjes is de learstoel Bevolkingsdaling en Leefbaarheid stipe. Planbureau Fryslân is útgroeid ta in ûnôfhinklik kennisynstitút mei brede saakkundigens. Ek DataFryslân, in koöperaasje fan tweintich Fryske maatskiplike organisaasjes, en ús jierlikse befolkingsprognoazen helpe by better

belied.² Fia de Dorpenatlas bringe ynwenners sels harren kennis oer doarpen yn Fryslân.

2. Stipe fan maatskiplike inisjativen

Fia ûnder oare it lepen Mienskipsfûns (IMF) binne oant en mei 2024 mear as 2.000 inisjativen stipe, rjochte op duorsumens, frijwilligerswurk en mienskipssin. Tusken 2017 en 2022 stipe it LEADER-programma 73 bewennersinisjativen yn Noardwest- en Noardeast-Fryslân, mei tank oan de ynset fan Lokale Aksje Groepen. Fia de DOM-metoadе wurkje ynwenners en gemeenten gear, stipe troch in ûnôfhinklik ferbiner. It swiertepunt leit yn it noarden fan Fryslân. Oan Bloeisônes en de Fryske Bloeiwike hawwe sa'n 50 doarpen, dy't bydrage oan in sûn en duorsum libbensfermidden, meidien. Ek regelingen lykas de húsdoktersregeling, it Kansfonds, mobiliteitsprojekten (Fryslân Underweis) en monumintebelied drage direkt oan de leefberens by.

Omskriuwing krante-artikel 'Krimp in Fryslân op lange baan'

Yn dit krante-artikel fan 9 april 2025 út it Frysk Deiblêd stiet beskreaun wat de te ferwachtsjen befolkingsûntwikkeling fan Fryslân is. Earder waard foarsein dat Fryslân net mear groeie soe en yn 'e heine takomst benammen mei krimp te krijen hawwe soe. Ut de nijste prognoazes docht bliken dat de befolking yn Fryslân de kommende perioade noch groeie bliuwe soe. De oarsaak hjirfoar leit benammen by de tanommen migraasje nei Fryslân.

Krimp in Fryslân op lange baan

TRENDRAPPORT

Jan Ybema

Leeuwarden | Het aantal inwoners en huishoudens in Fryslân gaat de komende jaren nog verder toenemen dan eerder geraamd, zo staat in een nieuwe prognose van de provincie. Dat zorgt voor extra druk op de woningmarkt.

De bevolking in Fryslân stijgt sneller en langer door dan eerder verwacht. Dat staat althans in de trendraming voor 2024-2050 van de Bevolkings- en huishoudensprognose van de provincie. Werd vorig jaar nog gerekend op 12.740 extra inwoners tot 2035, nu wordt tot dat jaar uitgegaan van een groei van ruim 14.000 inwoners.

Het aantal huishoudens neemt tot 2035 volgens de nieuwe raming met ruim drieduizend méér toe dan vorig jaar geschat. De nieuwe raming gaat tot 2035 uit van 23.800 nieuwkomers vanuit de rest van Nederland en het buitenland, vorig jaar werd nog rekening gehouden met ruim 17.000 immigranten. Er zou tot 2035 behoefte zijn aan niet 17.232 maar liefst 20.262 nieuwe woningen.

De ramingen zijn de laatste jaren rap gewijzigd. Nog maar vijf jaar geleden werd er vanuit gegaan dat Fryslân nooit meer dan 650.000 inwoners zou tellen en vanaf 2032 met krimp te maken zou krijgen, met een daling tot 631.000 inwoners in 2040. De trendprognose van dit jaar gaat uit van een groei tot 689.000 in 2050. De krimp zou daarna inzetten, dus bijna twintig jaar later dan nog maar kort geleden voorzien.

De groeiverwachting en het telkens


achter de horizon verschuiven van de krimp hangt vooral samen met migratie. De provincie maakt de ramingen namelijk op basis van het recente verleden, en de laatste jaren kwamen er meer mensen naar Fryslân dan voorheen, zowel uit andere delen van Nederland als vanuit het buitenland. Daarbij zijn zowel asielmigratie als overige migratie toegenomen.

Onzekere variabele

Migratie is dus de belangrijkste factor in de aangepaste verwachtingen, maar tegelijk 'de meest onzekere variabele', zo erkent de provincie. Hoewel de waarde van de prognoses dus voor enige relativering vatbaar is, blijven de trends in grote lijnen echter dezelfde: de Friese bevolking vergrijst en de beroepsbevolking krimpt.


Dat zorgt voor druk op de zorg en de arbeidsmarkt en stelt de leefbaarheid van kleine kernen op de proef. Er is behoefte aan niet alleen meer, maar ook andere woningen - met name kleinere, levensloopbestendige woningen voor ouderen. Gedeputeerde Abel Kooistra zei dinsdag zijn voordeel te zullen doen met de uitkomsten van het trendrapport. „Wy nimme dit mei yn de beliedsfoarming op terreinen lykas wenjen en ekonomy.”

Binnen Fryslân zijn overigens duidelijke verschillen waar te nemen. Waar met name Leeuwarden naar verwachting sterk blijft groeien, ook tot na 2050, zitten de Waddeneilanden nu al tegen het omslagpunt aan en zet in de Zuidwesthoek na 2035 de krimp in. In het zuidoosten houdt de groei nog aan, terwijl in het noorden de bevolking rond 2040 stabili-seert.



Doarpsûntwikkelmaatskippijen

Op boppesteande kaart is te sjen hoe't de inisjativen fan de DOM-metoade oer hiel Fryslân oant en mei 2024 ferspraat binne.



IMF – oantal projekten de gemeente

Op boppesteande kaart is te sjen hoe't de inisjativen ferspraat binne oer de gemeenten en hoefolle subsydzje yn de ôfrûne tsien jier jûn fia it IMF oan projekten yn de ûnderskate gemeenten takend is.

3.

Regionale gearwurking

Fia Streekwurk binne lokale inisjativen út de streek-hûskantoaren wei stipe. Fryslân is dêrby ferdield oer fiif regio's: Noardwest-Fryslân, Noardeast-Fryslân, Súdwest-Fryslân, Súdeast-Fryslân en de Waadeilannen. Dy regio-yndieling leit ek oan de basis fan seis Regio Deals en de Aginda Netwurk Noardeast-Fryslân (ANNO). Stichting Doarpswurk helpt doarpen by it meitsjen fan plannen en sette yn 2024 yn tweintich doarpen útein mei it projekt 'takomstbestindige doarpshuzen'.

4.

Yntegraasje yn belied

Leefberens spilet mei yn in soad provinsjale beliedsfjilden. Grutte projekten lykas Holwert oan See, Tsjûkemar en Nannewiid binne fia it beliedsbrieff grutskalige maatskiplike inisjativen stipe. Dêrby is stjoerd op gearhing tusken wenje, ekonomy en foarsjennings. Yn 2025 evalúearje wy dy oanpak.

Yn 2024 joegen ynwenners harren libbensfermidden in 7,7, mar der binne ek soargen oer ferdwinende foarsjennings, de wenningmerk en it ûnderhâld fan de iepenbiere romte. De ôfstannen ta basis-foarsjennings is tanommen nettsjinsteande ús ynspannings, sa docht bliken út it rapport *Beter Bereikbaar* fan it Planbureau voor de Leefomgeving. De provinsje hat leard om gebietersjochte te wurkjen, de rol as partner yn gearwurkingstrajekten fuort te sterkjen en mear rekken te hâlden mei regionale ferskillen.

FINÂNSJES: YNVESTEARJE YN LEEFBERENS

Yn de ôfrûne jierren is flink yn leefberens ynvestearre:

- Fryske gemeenten stutsen yn 2024 sa'n € 6 miljoen yn wykfunsen.
- De provinsje joech oant en mei 2024 € 1,5 miljoen oan DOM's út.
- Yn it IMF is € 38 miljoen oan subsydzjes beskikber steld (2015-2024).
- It Ryk ynvestearret fia de Regio Deals yn 'e perioade 2022-2028 goed € 120 miljoen yn 'e brede wolfeart yn 'e Fryske regio's. De provinsje hat dêr sa'n € 25 miljoen yn ynvestearre. In grut part fan dy ynvestearings komt de leefberens direkt of yndirekt te'n goede.



Keppeling mei oare beliedsfjilden

Provinsjale Omjouwingsfisy (POVI)

It beliedsbrief Leefberens slút nau oan op de Provinsjale Omjouwingsfisy (POVI). Romtlike karren - lykas wenningbou, enerzjytransysje en klimaatmaatregels - beynfloedzje direkt hoe't minsken wenje, inoar moetsje en harren thús fiele. Benammen yn in provinsje mei in soad plattelân, lykas Fryslân, is romtlike kwaliteit essinsjeel foar leefberens. De POVI lit sjen dat leefbere doarpen en wiken freegje om in goede balâns tusken romtlike ynrjochting en sosjale, ekonomyske ûntwikkelingen. Der is in soad fraach nei romte: fan definsje oant it stroomnet en fan wenningbou oant natuer. Dêrom moatte wy by alle karren ek de ympakt op leefberens meiwage. In wichtich útgongspunt is de '30-minutemienskip': foarsjennings foar elkenien binnen in heal oere berikber, benammen fan belang foar minsken mei minder reismooglikheden. Ek de fokus op 'tûke groei' yn toerisme yn stee fan ekonomyske groei draacht by oan in sûn, oantreklik libbensfermidden.

Natuer

De natuer yn Fryslân is ryk en alsidich. Tink oan iepen lânskippen, de Fryske marren, bysûndere natuergebieten en in soad fûgels, mei it Waadgebiet as UNESCO Wrâlderfgoed. Fryslân telt tweintich Natura 2000-gebieten en fjouwer Nasjonale Parken. De skries, nasjonale fûgel én symboal foar bioferskaat, is yn Fryslân in wichtige graadmjitter foar de steat fan de natuer. Ynwenners fan Fryslân achtsje natuer fan grut belang. Neffens it Planbureau Fryslân wol 71% mear romte foar natuer.¹ Dy brede stipe lit sjen dat minsken natuer wichtich fine foar de leefberens. Natuer ferminderet stress, stimulearret beweging en bringt minsken byinoar. Griene plakken helpe boppedat tsjin hjittestress, ferbetterje de luchtkwaliteit en fersterkje it gefoel fan ferbûnens yn buerten en doarpen. De provinsje Fryslân is ferantwurdlik foar de beskerming fan natuer en it behâld fan soarten op basis fan nasjonale en Europeeske wetjouwing, lykas de Omgevingswet en de Natuurherstellwet (2024). It behâld fan Natura 2000-gebieten is dêr in kearnzaak yn. Fia it Natuernetwurk Nederlân (NNN) wurkje wy oan in oaniensletten netwurk fan natuergebieten,

mei as doel dat de Fryske natuer yn 2050 ferbettere en sterker is. It beliedsramt *Grutsk op 'e Romte* ûnderstreket it belang fan soarchfâldich omgean mei it lânskip. It foarmet de basis foar romtlike karren dêr't natuer en leefberens yn byinoar komme. Nije ûntwikkelingen moatte better rekken hâlde mei wetter en boaiem as útgongspunt, om takomstige oerlêst, skea en kosten foar te kommen. Ek wurdt wurke oan sûn en skjin wetter, strikend mei de Europese Kaderrichtlijn Water - essinsjeel foar in leefbere en takomstbestindige provinsje.

Lânbou

Lânbou en leefberens hawwe op ûnderskate mêden mienskiplike aspekten. Lânbou is by âlds in drager fan de Fryske identiteit, ekonomy en it lânskip. Boerebedriuwen foarmje net allinne in wichtige ekonomyske sektor, mar spylje ek in wichtige rol yn doarpen en mienskippen. It ferdwinen fan boerebedriuwen kin yn it lanlik gebied dan ek ta skea fan sosjale gearhing gean. Harren wurk soarget foar karakteristike lânskippen, dy't bydrage oan de leefberens fan Fryslân. Benammen agrarysk natuerbehear makket it lânskip oantreklik en libben. Yn it beliedsbrief lânbou Fryslân 2025-2030 *Noflik buorkje yn Fryslân* is goed, feilich en foldwaande iten ien fan de ambysjes. Dêr hearre ek koarte stringen en mear fraach nei lokaal en duorsum produsearre iten by. Dy ambysje draacht by oan sûne mienskippen en leefbere doarpen.

Wenje

In noflike, feilige en betelbere wenning is essinsjeel foar leefberens. En oarsom makket in sterke mienskip in buert oantreklik om yn te wenjen. Friezen achtsje rêst, natuer, foarsjennings tichteby en in buert dêr't minsken nei inoar omsjogge fan grut belang.² Fryslân stiet foar spesifike útdagings: in groeiende fraach nei wennings foar âlderein en starters, it fuortgean fan jongerein en it ferlet fan nije wenfoarmen. Ek nimt it tal ienpersoanshûshâldens ta en is der benammen fraach nei lytsere, betelbere wenten. Demografyske ûntwikkelingen freegje om tûke wentebou, ek yn lytse kearnen. Spesjaal dêrfoar hat de provinsje yn 'e mande mei de Landelijke Versnellingstafel Woningbouw de *Oanpak Lytse Kearnen* ûntwikkele. De wenningmerk is krap, mar yn Fryslân slagje relatyf in soad minsken mei in leger ynkomen der noch yn om in wenning te finen.³ It net betelje kinnen fan in gaadlike wenning laat derta dat in soad minsken wichtige karren yn it libben útstelle, lykas op dysels wenje en bern krije. In soad âldere minsken hawwe muoite om in passende wenning te finen. Friezen wenje relatyf goedkeap: de wenquote⁴ is leger as it lanlik gemiddelde. Dêrtroch wurdt Fryslân hieltyd oantrekliker foar minsken fan bûten de provinsje.⁵ Wy bouwe benammen binnen besteande doarpen en stêden, mei each foar skaal en sprieding. Dêrby hâlde wy rekken mei berikberens fan foarsjennings. Wy hawwe ôfspraken makke mei it Ryk en gemeenten oer ekstra wenningbou en stjoere op betelberheid en sosjale hier. Dêrby komt ek mear regy op hûsfêsting fan oandachtsgroepen⁶ oan 'e hân fan de Hûsfêstingsferoardering urgint wenningsykjenden foar hiel Fryslân. De nije wet

Versterking regie volkshuisvesting⁷ moat derfoar soargje dat oerheden it wetlik ark yn hannen hawwe om mear regy en tempo te fieren op de wenningbou-opjefte. Ek wolle wy minsken oanlûke dy't bining hawwe mei de regio. De provinsjale beliedsopjefte op it mêd fan wenjen wurdt neier yn in folkshúsfêstingsprogramma útwurke. De provinsje pakt dêrby in koördinearjende, stimulearjende en fasilitearjende rol.

Mobiliteit

Goede berikberens is krúsjaal foar leefberens, benammen op it plattelân. Minsken moatte tagong hawwe ta wurk, soarch, ûnderwiis en moeting. Mobiliteit makket dat mooglik – it giet net allinne om ôfstân, mar foaral om reistiid en beskikberheid. As foarsjennings ferdwine of sintralisearje, wurde reisôfstannen grutter. Dat rekket benammen âlderein, jongerein en minsken sûnder auto. Minder iepenbier ferfier kin liede ta sosjale útsluting. De provinsje set dêrom yn op tûke oplossings lykas fleksibel OV, dielferfier en stipe fan lokale ferfiersinisjativen. Sa hâlde wy doarpen leefber en soargje wy dat elkenien meidwaan kin.

Ekonomy

In sterke ekonomy fersterket de leefberens. Dy soarget foar wurk, foarsjennings en in libbendich ferieningslibben. Fryslân hat in soad lytse bedriuwen en praktysk oplate wurknimmers, mar de beropsbefolking fergrizet. Byskoalling bliuwt efter en der streamme mear minsken út as yn. Yn it beliedsbrieff ekonomy 2025-2030 *Tûk groei troch oparbeidzjen* leit de klam op de oanfiterjende ekonomy (bedriuwen mei ôfset bûten Fryslân)

mei fokus op ynnovaasje en sterke sektoaren.⁸ Dêrnjonken rjochtet it ekonomysk belied him op it ferbetterjen fan de oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk. Dat fergruttet de kâns foar ynwenners op wurk yn it eigen libbensfermidden. It *Underwiisakkoart Fryslân*⁹ is dêr in wichtich dokumint foar. Ut it beliedsfjild leefberens wei leit de klam benammen op de fersoargjende ekonomy (lykas soarch, ûnderwiis, hoareka en detailhannel), wichtich foar it deistich libben yn 'e doarpen en stêden. In goede balâns tusken beide is nedich. Benammen no't de arbeidsmerk krap is en sektoaren mei-inoar konkurrearje om personiel. Famyljebedriuwen spylje dêr in kaairol yn. Sy binne lokaal woartele, soargje foar wurk en drage by oan mienskipssin¹⁰. It *Keapstreamûndersyk Fryslân 2024* lit sjen dat ek winkelgebieten ûnder druk steane, foaral yn lytsere plakken. De provinsje set yn op maatwurk en in gearmjuksel fan funksjes (bygelyks winkels kombinearje mei maatskiplike funksjes) om dy gebieten oantreklik en leefber te hâlden.

Rekreaasje en toerisme/ gastfrijheidsekonomy

De gastfrijheidssektor draacht sterk by oan it lok, wolwêzen en de sûnens fan ynwenners en besikers. It Fryske lânskip en de romte foar rekreaasje meitsje Fryslân oantreklik, net allinne foar toeristen, mar ek as noflik wenfermidden. Yn it beliedsbrieff Ekonomy 2025-2030 is de gastfrijheidssektor beneamd as ien fan de seis spearpuntsektoaren dy't ûnderskiedend binne foar it Fryske ekonomysk klimaat. It útgongspunt is tûke groei. Dat betsjut:

- Groei moat earlik en miljeufreonlik wêze, en ynwenners foardiel biede.
- Duorsum toerisme foarkomt oerlêst, ôffal, hege huzepriizen en skea oan natuer.
- Rekreaasje en toerisme drage by oan in skjin, sûn en lokkich Fryslân.
- Yn alle regio's wurdt sjoen wat nedich is: op it iene plak helpt toerisme foarsjennings as in swimbad oerein te hâlden, op oare plakken is sprieding oer it seizoen nedich om drokte te beheinen.


Rekreaasje en toerisme helpe om wurkgelegenheid te sprieden, foaral yn tinner befolke gebieten as de Waadeilannen en Súdwest-Fryslân. Besikers besteegje jild by lokale ûndernimmers, wat de ekonomy fersterket. Ek soargje toeristyske foarsjennings foar libbene doarpen en mear meetingsplakken, weardefol foar toeristen likegoed as ynwenners. Dat makket it wenjen yn tinner befolke gebieten oantrekliker. Tagelyk is 60% fan de wurkgelegenheid konsintrearre yn Ljouwert, Drachten, it Hearrenfean en Snits. Dêrnjonken rekreëarje Friezen graach yn eigen provinsje: likernôch in fearn fan de Friezen hâldt yn eigen provinsje fakânsje. Rinne, fytse en bûten rekreëarje binne wichtich foar harren libbenskwaliteit. Goed ferbûne rûtes en foarsjennings meitsje rekreaasje oantreklik en drage by oan in sûn libbensfermidden en ferheegje de kwaliteit fan libben. Koartsein: de gastfrijheidssektor fersterket de leefberens fan Fryslân.



Sport en beweging

Sport fersterket de sosjale gearhing en is goed foar de sûnens. It Fryske ferieningslibben is foar in grut part om sportferienings hinne organisearre. Ferienings biede minsken ûntspanning en sosjale kontakten. Bewege is de goedkeapste en meast effektive foarm fan soarchprevinsje. Dêrom stimulearret de provinsje sûn bewege, lykas fêstlein yn it beliedsbrief sport 2025–2028 *Fryslân yn Beweging: elkenien docht mei*. Dêryn is omtinken foar Fryske sporten, breedtesport en topsport. Fryslân hat in sterk sportprofyl.

Relatyf in bytsje Friezen sporte alle wiken (sjoch it plaatsje hjirnjonken). Mear as de helte fan de folwoeksenen hat oergewicht.¹¹ Fan de ynwenners dy't 65 jier en âlder binne, is hast seis op tsien te swier. Yn guon gebieten binne útsjitters te finen, lykas yn Harns. De provinsje wol dat yn 2040 op syn minst 75% fan de Friezen genôch beweecht, strikend mei it lanlike doel. No hellet 51% dy bewegingsnoarm, lanlik is dat 46%.¹² De Wereldgezondheidsorganisatie sjocht te min bewegen as in groeiende folkssykte. Dêrom stimulearret de provinsje in sûne libbensstyl mei in beweechoanbod foar ferskate doelgroepen. Sy pakt dêryn in aktive rol as oanfiterder, ferbiner en fernijer.



Kultuer

Kultuer is ûnskiedber ferbûn mei leefberens. Kultuer is mear as keunst en erfgoed. It giet ek om hoe't minsken harren útdrukke, inoar moetsje en betsjutting oan har fermidden jouwe. Yn Fryslân spilet kultuer in grutte rol yn it fuortsterkjen fan identiteit, ferbûnens en it gefoel fan thús wêze. De kultuernota *Tosken yn in nije tiid 2025-2028* leit de klam op it belang fan meidwaan oan kultuer foar wolwêzen en libbenskwaliteit. In soad Friezen binne aktyf as sjonger, muzikant, spiler of frijwilliger, benammen yn ferienings yn doarpen en lytse kearnen. Kulturele aktiviteiten bringe generaasjes byinoar, soargje foar meetings en fersterkje de mienskip. Troch lokale kultuer te stypjen, draacht de provinsje by oan fitale mienskippen dêr't minsken harren ferbûn fiele, krekt yn in tiid fan feroaring.

Fryske taal en meartaligens

De Fryske taal en streektalen soargje foar ienriedigens, grutskens en kulturele identiteit. Se fersterkje it mienskipsgfoel en drage sa by oan de leefberens. Ut ûndersyk fan de RUG docht bliken dat Friezen dy't de Fryske taal aktyf brûke in grutter sosjaal libben hawwe. Neffens de ImagoMonitor is de Fryske taal en kultuer in wichtige reden om yn Fryslân wenjen te bliuwen.¹³ Tagelyk fielt in tredde fan de net-Friezen it Frysk as in drompel om har hjir te fêstigjen. De provinsje sjocht himsels as hoeder fan it Frysk, lykas fêstlein yn 'e Taalnota 2025–2028 *Fansels Frysk* en set yn op behâld én iepenheid. Mei meartalige inisjativen wolle wy ek nije ynwenners helpe harren yn Fryslân thús te fielen. Sa wurde yn 'e mande mei gemeenten ôfspraken makke oer it oanbieden fan taalkursussen en stypje wy de ûntwikkeling fan taal-learapps.

Erfgoed

Erfgoed kin helpe om in plak leefber te hâlden. Erfgoed toant de Fryske skiednis en fersterket it gefoel fan ferbûnens. As erfgoed sichtber en tagonklik is, soarget it foar mear grutskens, gearhing en identiteit yn in doarp of wyk. Monuminten, terpen, âlde gebouwen en it kultuerlânskip jouwe sfear en karakter oan 'e omkriten. As erfgoed in nije funksje kriget - lykas doarpshûs, soarchplak of kultureel sintrum - helpt dat om foarsjennings te behâlden en leechstân foar te kommen, benammen yn regio's dêr't de befolking efterút giet. Erfgoed bringt minsken byinoar. Bewenners sette harren bygelyks yn om tsjerken, mûnen of lânskippen te behâlden of op te knappen. Dat is ekstra weardefol op plakken dêr't de sosjale gearhing ûnder druk stiet. It provinsjale erfgoedbelied is fêstlein yn

it Omgevingsprogramma *Erf-Goed 2025–2028*, en de wearden fan it Fryske lânskip binne yn de struktuerfisy *Grutsk op 'e Romte* opnommen.

Energzy

Fryslân wurket, krekt as de rest fan Nederlân, oan it ferduorsumjen fan energzy. Yn de Fryske Energzyfisy steane fiif liedende prinsipen foar it takomstige energzysysteem fan Fryslân, dêrûnder: energzy moat safolle mooglik fan en foar de mienskip wêze. Ynwenners krije sizzenskip en kinne meidiele yn 'e opbringst. Dat soarget foar draachflak én biedt ek kânsen foar doarpsbelangen, koöperaasjes of energzykollektiven om yn leefberens te ynvestearjen. Fryslân is koprinne yn te fernijen energzy, mei mear as 70 energzykoöperaasjes. Griene energzy draacht sa net allinne by oan duorsumens, mar ek oan krêft en gearhing fan mienskippen. Tagelyk ropt de energzytransysje ek soargen op: oer lânskip, lûd of in ûnearlike ferdieling fan baten en lêsten. Dêrnjonken is it elektrisiteitsnet op guon plakken oerbelêste. Dat keart wenningbou, it útwreidzjen fan bedriuwen en elektrysk ferfier op. Ek freget de oergong nei duorsume energzy om útwreiding fan ynfastruktuer – fan transformatorhúskes yn doarpen oant heechspanningslinen op it plattelân. Tagong ta energzy wurdt krupper. Dat makket de energzytransysje urgint, mar ek kompleks en fan direkte ynfloed op de leefberens.

Haadstik 1

- 1) Planbureau Fryslân, rapport ‘Fries geluk staat onder druk’ (19 novimber 2024).

Haadstik 2

- 1) Centraal Bureau voor de Statistiek (CBS), artikel ‘2011-2021: Bevolkingskrimp vooral in de kleinere kernen’ (17 maart 2025).
- 2) Provinsje Fryslân, factsheet bevolking en huishoudens: uitkomsten trendraming 2024-2050 (april 2025).
- 3) Staatscommissie demografische ontwikkelingen 2050, rapport ‘Gematigde groei’ (jannewaris 2024).
- 4) Provinsje Fryslân, factsheet ‘Friese Bevolkingsprognose 2024-2050’ (april 2025).

Haadstik 3

- 1) De regionale Monitor Brede Welvaart fan it Centraal Bureau van de Statistiek (CBS) bringt de brede wolfeart fan gemeenten, provinsjes en COROP-gebieten yn kaart. Oan ‘e hân fan 41 yndikatoaren jout de monitor in breed en ferskaat byld fan de steat en ûntwikkeling fan de regionale mienskip.
- 2) Planbureau Fryslân, rapport ‘Fries geluk staat onder druk’ (19 novimber 2024).
- 3) KplusV, rapport ‘Stân fan de leefberens’ (febrewaris 2025).

Haadstik 4

- 1) LEADER is in Europeesk subsydzjeprogramma dat de leefberens, ekonomy en duorsumens fan plattelânsgebieten befoarderet.

- 2) Raad voor de leefomgeving in infrastructuur (Rii), Raad voor het Openbaar Bestuur (ROB) en Raad voor Volksgezondheid en Samenleving (RVS).
- 3) It idee dat groei yn stêden fansels meihelpt oan de ûntwikkeling fan lanlike gebieten – ‘as it reint yn de stêd, dript it op it plattelân’ – blykt yn de praktyk net wier te wêzen. It rapport *Elke regio telt!* lit krekt it tsjinoerstelde sjen: sterke stêdske regio’s lûke jongerein en minsken mei in hegere oplieding út lanlike gebieten wei, wêrtroch’t dy regio’s noch swakker wurde.

Haadstik 5

- 1) Leeuwarder Courant, artikel: waarom Oerrock niet zonder vrijwilligers kan (27 maaie 2025).
- 2) De provinsje hat troch buro Scherp in Veiligheid in ûndersyk útfiere litten nei eveneminten yn Fryslân, mei de titel: Inventarisatie onderzoek evenementen, perspectief voor de Friese evenementensector (april 2025).
- 3) Wurktitel en werhifking bestjoerstafel Seker en Sûn.
- 4) As de hjoeddeistige trends trochsette, dan foarseit it Rijksinstituut voor Volksgezondheid en Milieu (RIVM) dat yn 2050 64% fan de folwoeksen Nederlanners oergewicht hawwe sil.
- 5) Cuperus en De Voogd, ‘Atlas van afgehaakt Nederland’ (17 desimber 2021).
- 6) Referinsjerûzing 2024 fan it ministearje fan Onderwijs, Cultuur en Wetenschap (OCW).
- 7) Wilens foar de fjirde kear ta bêste bacheloroplieding fan Nederlân útroppen.
- 8) RUG, Talentenmonitor Friesland - verhalen op de Friese arbeidsmarkt (novimber 2023).

Taheakke 1

- 1) Foarbylden fan bekostige ûndersiken binne: (1) Bureau Scherp in Veiligheid, inventarisatie onderzoek evenementen, perspectief voor de Friese evenementensector (april 2025), (2) Kadaster, de verhuisstromen in Fryslân (trije edysjes 2022, 2023 en 2024), (3) KBA Nijmegen, Leren en participeren: een nieuwe strategie voor dunbevolkte regio’s (july 2024), (4) KplusV, stân fan de leefberens (febrewaris 2025), (5) RUG, onderzoek terugmigratie jongvolwassenen naar rurale gebieden (rint noch, fan 1 maart 2024 ôf) en (6) RUG, Talentenmonitor Friesland - verhalen op de arbeidsmarkt (novimber 2023).
- 2) Sûnt 2022 nimme wy as provinsje diel oan DataFryslân.

Taheakke 2

- 1) Planbureau Fryslân, natuur en landschap in Fryslân (juny 2025).
- 2) Markteffect, de Friese ImagoMonitor - deelmeting wonen, werken en studeren in Fryslân (juny 2025).
- 3) RIGO - Betaalbaarheidsgrenzen in de nieuwbouw 2025.
- 4) It persintaazje ynkommen dat oan wenjen bestege wurdt.
- 5) Kadaster, ûndersyk Instromers en Fryske kopers in de provincie Fryslân 2023 (desimber 2024).
- 6) Oandachtsgroepen binne minsken dy’t yn in kwetsbere posysje sitte en dêrtroch begelieding en stipe nedich hawwe foar harren spesifike wenfraach. Sy hawwe minder kâns op it finen fan in passend ûnderkommen.

- 7) It is noch ûndúdlik wannear’t de wet fêststeld wurdt.
- 8) De ekonomyske spearpuntsektoaren binne: wettertechnology, High Tech Systemen & Materialen (HTSM), sirkulêre materialen, maritime technology, agrofood en gastfrijheid.
- 9) Yn it Underwiisakkoart Fryslân is fêststeld hoe’t de fiif ûnderwiisynstellings (Aeres, Firda, NHL Stenden, RUG en Van Hall Larenstein), de gemeente Ljouwert en de provinsje Fryslân struktureel gearwurkje om fleksibele minsken oan ‘e arbeidsmerk en de maatskippij te leverjen.
- 10) RUG, groeien in verbinding, een onderzoek naar de uitdagingen van familiebedrijven in Fryslân en hoe beleid hen kan ondersteunen, A. Noordenbos (july 2025).
- 11) RIVM/GGD/CBS, Regiobeeld, 2022.
- 12) Op syn minst 150 minuten yn ‘e wike reedlik oant yntinsyf bewege, ferspraat oer meardere dagen, én op syn minst twa kear yn ‘e wike oefeningen foar spieren en bonken.
- 13) Markteffect, de Friese ImagoMonitor - deelmeting wonen, werken en studeren in Fryslân (juny 2025).



Kolofon

Utjeft

Provinsje Fryslân

Postbus 20120

8900 HM Ljouwert

Telefoan: 058 292 59 25

E-mail: provincie@fryslan.frl

Foto's

Doarpswurk, DSG, Marcel van Kammen, NHL

Stenden, provincie Fryslân, Slachtemarathon,

Sport Fryslân, Harrie Dijkstra

Foarmjouwing

Provincie Fryslân

Septimber 2025

Digitale tagonklikens disclaimer

Foar de Digitaal Tagonklike PDF ferwize wy jo
nei de Nederlânsktalige ferzje.

Fiele jo jo dochs beheind yn it gebrûk, nim
dan kontakt op mei Provinsje Fryslân. Wy
wurdearje jo ynbring oer hoe't it better kin.